

## ■ Tekst 1 Mar net wer stimme

*Lês earst tekst 1 en beäntwurdzje dêrnei de fragen. Meitsje de gearfettingsopdracht by tekst 2.*

- 2p **1**  „Read en ... ienriedich ien.” (r.2–3) Lis mei help fan de ynlieding by de tekst út wat dêrmei bedoeld wurdt. *Brûk net mear as 10 wurden.*
- 2p **2** ■ Hokker sin fan alinea 2 jout de konklúzje fan dy alinea?  
A „Ik fûn ... te folle.” (r.8)  
B „Want stimme ... útkomme woe.” (r.8–9)  
C „Oer wynmûnen ... ekonomy net.” (r.9–10)  
D „Oer miljeu ... yn debat.” (r.10–11)
- 2p **3**  Hokker ferwyrt makket Jansma yn alinea 2 de listlûkers fan de trije grutte partijen?  
*Brûk net mear as 10 wurden.*
- 3p **4**  Neam trije tsjinstellings út alinea 1 en 2.
- 2p **5**  Wêr binne de politisy en de kiezers it neffens alinea 3 en 4 oer iens? *Brûk net mear as 10 wurden.*
- 2p **6**  Hokker tsjinstelling sit yn alinea 5? *Brûk net mear as 15 wurden.*
- 3p **7** ■ Wêrnei ferwiist „se” yn r.17 en wêrnei ferwiist „se” yn r.18?  
A Beide kearen nei „de grutte trije” (r.17).  
B Yn r. 17 nei „de grutte trije” (r.17) en yn r. 18 nei „de measte minsken” (r. 18).  
C Beide kearen nei „it folk” (r.17).  
D Yn r. 17 nei „it folk” (r. 17) en yn r.18 nei „de measte minsken” (r. 18).
- 2p **8**  „Dat is de measte minsken ek wol goed.” (r. 18) Hokker sinspart yn alinea 5 drukt itselde út?
- 2p **9** ■ „Eins binne ... sûnder kinne.” (r. 39–41)  
I. Dat is neffens Jansma de miening fan de deputearren.  
II. Dat is de miening fan Jansma sels.  
A Bewearing I is wier.  
B Bewearing II is wier.  
C Beide bewearingen binne wier.  
D Beide bewearingen binne net wier.
- 2p **10**  „Wêr't it ... se út” (r.50–51). By de ein fan hokker alinea slút dit sitaat it bêste oan?
- 3p **11**  „... ien autokilometer minder en ien fytskilometer mear.” (r. 55) By it program fan hokker politike partij soe dat neffens deselde alinea it bêste passe? Ljochtsje dyn antwurd ta.  
*Brûk net mear as 15 wurden.*

# Eindexamen Fries havo 2002-I

havovwo.nl

---

- 3p **12**  „Mei in echt demokratysk bestjoer soe der mear feroarje”.  
Kloppet de boppeneamde stelling neffens Jansma? Ljochtsje dyn antwurd mei help fan alinea 10 ta. *Brûk net mear as 20 wurden.*
- 2p **13**  Wat is de oerienkomst tusken de yn alinea 11 neamde programmapunten? *Brûk net mear as 10 wurden.*
- 2p **14**  In mooglik beslút oer in weryndieling fan de hiele provinsje yn seis grutte gemeenten (sjoch r. 61–62) is te ferwachtsjen:  
**A** Foar 2003.  
**B** Yn 2003 of letter.  
**C** Nei 2003.
- 3p **15**  Ien fan de drôchreden is ‘it op ‘e man spyljen’. Neam de alinea dy’t dêrfan it bêste foarbyld is. Ljochtsje it antwurd ta. *Brûk net mear as 25 wurden.*
- 2p **16**  „Foar ridlike ... ha wolle.” (r.42–43)  
De skriuwer is it iens mei:  
**A** de ridlike minsken.  
**B** de ûnsaaklike dreamers en romantisy.  
**C** gjinien fan beide boppeneamde groepen.  
**D** lju mei nocht oan ûnnocht.
- 3p **17**  De tekst kin ferdield wurde yn twa dielen. Mei hokker alinea begjint diel 2? Ljochtsje dyn antwurd ta. *Brûk net mear as 20 wurden.*
- 3p **18**  Hokker boadskip hat de skriuwer foar de politisy? *Brûk net mear as 15 wurden.*
- 3p **19**  Hokker boadskip hat de skriuwer foar de kiezers? *Brûk net mear as 15 wurden.*
- 3p **20**  Binne de wurden „argewaasje” (r. 1) en „ienriedich” (r. 3) posityf of negatyf bedoeld?  
**A** Argewaasje: negatyf. Ienriedich: negatyf.  
**B** Argewaasje: negatyf. Ienriedich: posityf.  
**C** Argewaasje: posityf. Ienriedich: negatyf.  
**D** Argewaasje: posityf. Ienriedich: posityf.
- 3p **21**  De styl fan it artikel fan Jansma is it bêste te omskriuwen as:  
**A** Humoristysk.  
**B** Saaklik.  
**C** Synysk.

## Tekst 2 Bange fersekeringsmaatskippijen binne út op elk syn genenpaspoart

- 18p **22**  Meitsje in gearfetting fan tekst 2 *Bange fersekeringsmaatskippijen binne út op elk syn genenpaspoart* yn maksimaal 75 wurden. Yn dy gearfetting moatte oan bod komme:
- de probleemstelling fan de tekst;
  - de mieningen yn ferbân mei de probleemstelling fan resp. Erik Fischer, Jan Verhey, Gert-Jan van Ommen en Henri Aarts.